

Ynlieding

Gemeentebelied kin net los sjoen wurde fan it belied fan oare oerheden, yn Ljouwert, De Haach, mar ek yn Brussel. Dochs is it in goede polityk dat in gemeentebestjoer safolle mooglik besiket om ta in belied te kommen, basearre op eigen ôfwagings.

De FNP realisearret him, dat soks, as de kniper op 'e skine komt, botse kin mei de belangen fan de oare oerheden, mar achtet dat yn oerienstimming mei de eigen begjinsels: dy fan it federalisme. Yn gewoane taal sein: it foech heart dêr, wêr't it it bêste en it rjochtfearlichste tapast wurde kin.

By ús polityk hanneljen steane sân kearnwearden sintraal (sjoch kader). Oan dy kearnwearden hifkje wy de politike besluten.

Wy fine dat Fryslân as bestjoerlike ienheid bestean bliuwe moat. Fryslân moat sels de sizzenkip hawwe oer dy saken dy't ûnderskiedend binne foar de takomst fan Fryslân, lykas romtlike oardering, regionale ekonomy, mynbousaken en taal, kultuer, sosjaal belied en ûnderwiis: gemeentlik wat gemeentlik kin, provinsjaal wat better provinsjaal kin en lanlik wat lanlik moat.

De FNP yn Smellingerlân

Op inisjatyf fan de FNP is yn 2012 yn de takomstfyzje fan de gemeente in haadstik opnommen oer hoe't wy graach wolle dat de gemeente der yn 2035 útsjocht. Dy gemeente moat in duorsume ('cradle to cradle', widze ta widze), sosjale gemeente wêze dêr't it goed wenjen, wurkjen en rekreëarjen is en dêr't it wolwêzen fan minsken sintraal stiet.

De FNP fis fan betinken dat wy ta moatte op in ekonomy dêr't ek de net op jild te setten faktoaren (miljeu, geastlik wolwêzen, ensfh.) meiwoegen wurde moatte. Wy sjogge de ekonomy net as in doel op himsels, mar as in gefolch fan it minsklik hanneljen.

De FNP hifket it belied fan no oan it takomstbyld yn dizze fyzje. Foar de kommende fjouwer jier betsjut dat, dat wy stappen en stapkes sette wolle yn de rjochting fan dat takomstbyld. By de beslissings dy't wy nimme, hâlde wy sadwaande dat takomstbyld as rjochtlân oan.

Op it punt fan duorsumens slút de fyzje fan de gemeente goed oan op it 'Klimaatakkoart' fan Parys. Ek de gemeente sil him de kommende jierren tige ynspanne moatte foar it klimaat.

FNP-Smellingerlân stelt de belangen fan de ynwenners fan de gemeente sintraal. It docht bliken dat de skaalgrutte fan de hjoeddeiske gemeente Smellingerlân goed past by de minsken dy't dêr wenje. Dêr past net by dat wy útspraken dogge oer (parten fan) oare gemeenten dy't wy derby hawwe wolle soene. Gemeentlike weryndieling moat altiten fan ûnderen op komme en net fan boppen ôf oplein wurde.

De lêste jierren is der in soad feroare yn gemeentelân. Yn it sosjaal domein is gâns feroare en hat de gemeente der in protte taken en jild by krige. De kommende jierren moatte de

puntsjes op de i setten wurde. Benammen oangeande de jongereinsoarch moatte de kommende perioade noch stappen set wurde.

Tagelyk sjogge wy ek in ûntjouwing dat der struktureel net genôch banen binne foar fan it tal minsken dat dy banen ynfolje kinne soene. Fan de minsken dy't 'oerbliuwe', konstatare wy dat dy oantaast wurde yn harren wolwêzen troch de wize wêrop't se behannele wurde om in útkearing te krijen en de troch de manier wêrop't de mienskip oansjocht tsjin minsken sûnder betelle wurk.

Tagelyk sjogge wy ek dat der minsken binne dy't wol in baan hawwe, mar dy't net lokkich binne mei it wurk dat se dogge. Troch de finansjele ferplichtings dy't hja hawwe, kinne se gauris gjin kant mear út.

It fermindere wolwêzen sjogge wy as in grut probleem foar de kommende jierren. Yn it haadstik 'Wolwêzen' komme wy dêrop werom.

Op in protte plakken yn de wrâld is ûnrêst. Minsken binne op 'e flecht. In lyts part fan dy minsken komt ek yn ús gemeente telâne. De FNP fynt dat by de yntegraasje fan flechtlingen ek foldwaande omtinken wêze moat foar de twatalichheid fan de Smellingerlânske mienskip.

Sân kearnwearden

By syn polityk hanneljen basearret de FNP him op de 7 kearnwearden fan de partij:

- Demokrasjy: De FNP is fan betinken dat de macht oer de oerheid by it folk leit. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.
- Federalisme: De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsjes, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.
- Ynternasionalisme: De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgings steane dêr sintraal by.
- Taal en kultuer: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Biltsk en it Stellingwarfs.
- Ûndernimmerssin: De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.
- Solidariteit: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik beholden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.
- Duorsumens: De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan poffertarren siket de FNP nei ekonomyske bestansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

It gemeentebestjoer

Útgongspunt by it bestjoeren fan de gemeente moat wêze dat de gemeente fan ús allegearre is. En omdat wy net mei ús allen de gemeente bestjoere kinne, hawwe wy dêr in oantal bestjoerders foar keazen. It bestjoer is der foar de ynwenners en net oarsom.

Konkreet betsjut dit, dat:

- de kommunikaasje tusken it bestjoer fan de gemeente en ynwenners helder en transparant wêze moat. It is no noch te faak sa, dat yn de kommunikaasje tusken gemeentebestjoer en ynwenners ferwachtings oproppen wurde dy't by eintsjebeslút net neikaam wurde kinne. Wy pleitsje derfoar dat by wichtiche beslissings de boargers fan it earste begjin ôf troch de gemeente belútsen wurde by de plannen, want dan is harren ynfloed it grutst. Boargers yn in letter stadium ynspraak jaan yn in trajekt betsjut gauris dat harren ynfloed minder is en dat jout dan al gau foer oan de idee dat 'de gemeente dochs docht wat er sels yn 'e holle hat';
- de gemeentlike ynspraak serieuus nimme moat;
- de taal dêr't de it gemeentebestjoer yn kommunisearret, de taal fan de ynwenner(s) is. Foar Smellingerlân, as twatalige gemeente, betsjut soks dat ek it Frysk in folweardich plak yn de gemeentlike kommunikaasje krije moat. De FNP stribbet in taalbelied nei dat de gemeente it imago jout fan in selsbewuste twatalige mienskip. Dat betsjut automatysk ek, dat bestjoerders en amtners harren yn beide talen goed rêde kinne moatte, sawol mûnling as skriftlik. Der sil genôch enerzjy stutsen wurde moatte yn it útfieren fan in nij taalbelied;
- de gemeente foar de boarger maklik berikber wêze moat;
- it bestjoersprogramma en it beliedsplan dúdlik mjitbere doelen hawwe moatte neffens it trije-w-prinsipe (*wat is it doel, wat kostet it en wannear is it klear*). Allinne dan kin de gemeenteried syn kontrolearjende taak goed útfiere.

It is foar ynteresearre ynwenners in hiele toer om sicht te krijen en te hâlden op hoe't it der yn de gemeenteried om en ta giet. Nei eltse riedsgearkomste moat der yn 'Breeduit' in dúdlik oersjoch fan komme mei in gearfetting fan de saken dêr't in beslút oer nommen is, mei dêrby it stimgedrach fan de ferskillende partijen.

Wolwêzen

Gemeentepolitisy binne keazen troch de ynwenners fan de gemeente. Neffens de fyzje fan de FNP moat it gemeentebestjoer him ynsette foar in sa grut mooglik wolwêzen fan de ynwenners fan de gemeente. Soks wol mei it rânebetingst dat it ferlet fan no net op kosten gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasjes (it duorsumensprinsipe).

Alle beliedsfjilden (sosjaal domein, ekonomy, kultuer, taal, romtlike oardering, ûnderwiis ensafuorthinne) drage by oan of binne ûnderdiel fan it wolwêzen fan minsken yn ús gemeente.

Wolwêzensbelied hat ek sterk te krijen mei earmoedebelied. Troch alle regeljouwing yn it ramt fan de 'Partisipaasjewet', wurdt der in te grutte druk lein op minsken dy't in gjin wurk hawwe en foar in útkearing in oanmerking komme. Foar in grut part wurdt dy druk troch De Haach oplein, mar dêr't de gemeente sels wat dwaan kin, moat dy druk weinommen wurde. Wurkje op basis fan betrouwen en de mooglikheden dy't de minsken hawwe, moatte dêr útgongspunt by wêze. Wy wolle ta nei in sa regelearm mooglik útkearingsbelied.

Reynteagraasje fan minsken sûnder wurk of minsken mei in beheining moat plakfine op basis fan passend wurk en it moat de minsken in takomstperspektyf jaan. It reynteagraasjebelied moat dúdlik mjitbere doelen hawwe, dêr't it wolwêzen fan de doelgroep swier yn meiweaget.

Troch ûnder oare de fierdergeande robotisearring, sille der ek op langere termyn te min folweardige banen wêze yn ferhâlding ta it tal minsken dat dy banen hawwe kinne soene. In basisynkommen sil soargje moatte foar in oare wurkferdieling en in oare wurkwurdearring en sil úteinlik bydrage oan in better wolwêzen. Foar de langere termyn moat de gemeente by de lanlike oerheid ynsette op it ynfieren fan in algemien basisynkommen of farianten dêrop lykas in negative ynkommestebelesting.

Yn it wolwêzenswurk is de taal dy't men de minsken mei oansprekt, in wichtige faktor. Dêrom fynt de FNP dat minsken dy't wolwêzenswurk dogge, it Frysk behearskje moatte. Yn de útwurking fan it inisjatyfútstel fan de FNP dat yn oktober 2017 omset is yn in prosesnotysje, sil dêr omtinken foar wêze moatte.

Feiligens

Binnen de mooglikheden en it foech fan de gemeente, moat der alles oan dien wurde om ús gemeente ta in feilige gemeente te meitsjen en te hâlden. Dêrby tinke wy dat it wichtich is dat de foldwaande tafersjoch is yn wiken en doarpen.

Wy kenne grutte wearde ta oan de wykplysje dy't goed op 'e hichte is fan wat der spilet yn syn/har wyk of doarp en dy't de minsken ken: tafersjoch neffens minsklike mjitte.

In oar aspekt fan feiligens binne de helptsjinsten lykas de brânwacht. De gemeente moat noed stean foar de ferbining fan dy tsjinsten mei de gemeente. Troch hieltiten fierdergeande opskaling fan dy tsjinsten kin dat wolris wat yn 'e knipe komme. Yn de hiele gemeente moatte akseptabele oanrydtiden fan de helptsjinsten realisearre wurde kinne dy't foldogge oan de noarmen dy't dêrfoar steane.

Ekonomy en wurk

Yn it hjoeddeiske tinken wurdt de ekonomy faak besjoen as eat dat as in selsstannige ienheid bestiet, wylst dat net sa is. Ekonomy is in gefolch fan minsklik hanneljen, in beskriuwing fan wat minsken dogge mei guod en hoe't dat útdrukt wurdt yn jild. It mei dan ek nea sa wurde, dat de minsken ûnderhearrich makke wurde oan de ekonomy.

Út dat útgongspunt wei sjocht de FNP nei it ekonomysk belied yn de gemeente. In belied, dat net makke wurdt fanwegen de ekonomy, mar om it wolwêzen fan de ynwenners te fergrutsjen.

De gemeenterie hat in gearwurkingsaginda mei de provinsje ôfpraat. As de projekten dêrút oan 'e oarder komme, moat op dat stuit op 'en nij in ôfwaging makke wurde oangeande de fraach oft de projekten noch altiten wol foldwaande maatskiplik rendemint hawwe. Dat jildt benammen ek foar de ferkearsprojekten.

De FNP set fraachtekens by de skealike kanten fan ekonomyske groei. Foar de FNP betsjut it boppesteande, dat:

- Der by it stimulearjen fan wurkgelegenheid stribbe wurdt nei in goede ferankering yn de mienskip. Faak sil dat betsjutte dat de foarkar jûn wurde moat oan in ferskaat fan lytsskalige bedriuwen en bedriuwkes dy't wurkje mei lokale minsken. Mar ek foar grutte bedriuwen moat der plak wêze. It beropsûnderwiis yn Smellingerlân moat dêr ek safolle mooglik op oanslute.
- Der in nije farwei nei de haven fan Drachten komt foar skippen út kategory 5.
- Grûn kostber is. Mar grûn hat ek it fermogen om der planten op waaksje te litten en om koaldioksiede te binen. Ús mienskip kin allinne bestean by de graasje fan de boaiem dêr't er op libbet: it measte dat wy ite komt út of waakset op 'e grûn (it oare komt út 'e loft en it wetter). Dat jout in ferantwurdlikheid oan de mienskip om hoeden mei de grûn om te gean. It rekket ek oan de kearnwearde 'duorsumens'. Dêrom moat der behâldend omgien wurde mei it brûken fan grûn foar wegen, yndustryterreinen en wentebou. By plannen moat de kwaliteit fan de grûn as boarne fan ús iten folslein meiwoegen wurde.
- Miljeufreonlike en duorsume bedriuwichheid safolle mooglik stimulearre en/of fasilitearre wurde moat yn alle sektoaren fan de ekonomy ynklusyf de lânbou. De gemeentlike organisaasje moat dêr sels yn foarop rinne troch in maksimaal duorsumensbelied yn de eigen organisaasje. Troch duorsumens wurdt it net djoerder, allinne wurde de kosten fuortendaliks betelle en wurde dy net trochskood nei kommende generaasjes.
- Dêr't dat mooglik is, de gemeente it lokale bedriuwslibben yn oanmerking komme lit as der wurk útbestege wurde moat.
- It foar de mienskip wichtich is dat der dagen binne dêr't safolle mooglik minsken tagelyk frij op hawwe; dat de ekonomy efkes net foaroan stiet. Op it stuit is dat faak sneins. Wy sjogge dat der in hieltiten fierdergeande trend is nei de 24-oere-ekonomy. Wy kinne dat as gemeente net keare. Mei it boppesteande yn de efterholle, is de FNP net tsjin winkelsluting op snein.

Finânsjes

De FNP stiet in hoeden finansjeel belied foar. Eltse euro kin mar ien kear útjûn wurde en dêrom moat eltse euro dy't útjûn wurdt, in sa grut mooglik maatskiplik rendemint hawwe.

By alle ynvestearrings dy't de gemeente docht, moat de folgjende ôfwaging makke wurde:

- Jout it jild dat ynvestearre wurdt, genôch maatskiplik rendemint? In wichtich ûnderdiel fan it maatskiplike rendemint dat wy op it each hawwe, is dat klimaatdoelen realisearre wurde moatte. Dêr moatte struktureel jilden foar frijmakke wurde.
- Draacht it by oan it berikken fan it byld dat yn de yntegrale takomstfyzje delset is?
- Giet it wolwêzen fan de ynwenners fan Smellingerlân omheech?

It riedsûndersyk nei de gong fan saken by de fernijbou fan de Lawei moat lessen foar de takomst opleverje dy't troch de gemeente goed neifolge wurde moatte, sadat der by de bou fan in nij swimbad net deselde soarte flaters makke wurde kinne.

De gemeente mei net oan ynkommenspolityk dwaan, mar yntusken signalearret de FNP wol dat al mear as 20 jier de finansjele posysje fan minima en minsken mei in minimumlean troch ferskate Haachske maatregels minder wurden is.

De gemeente besiket troch it earmoedebelied minsken mei sa min mooglik regels en burokrasy te helpen.

Romtlke oardering

Utgongspunt fan belied op de romtlke oardering moat wêze, dat it úteinlik bydraacht oan in better wolwêzen fan de befolking. Dêrby sil rekken holden wurde moatte mei de leefberens en de libbenstier fan 'e mienskippen en it eigen aard fan it lânskip en it natuerlik fermidden. Drachten mei net oan de omlizzende doarpen fêstgroeie, mar der moat in buffer bliuwe.

By it meitsjen fan útwreidingsplannen moat de kwaliteit fan de grûn, as boarne fan ús wêzen, meiwoegen wurde. Ek moat der sjoen wurde nei it renovearjen of ferfangen fan net brûkte romten op besteande yndustryterreinen.

Yn de romtlke oardering sil ek omtinken wêze moatte foar de opjefte dy't ús yn it ramt fan it klimaataakkoart fan Parys te wachtsjen stiet. By romtlke plannen sil benammen ek swier meiwage moatte hoe't dy plannen bydrage oan it realisearjen fan de klimaatdoelstellings. Mooglik moatte der konsesjes dien wurde oan de romtlke kwaliteit om de klimaatdoelen te heljen.

By it ynfieren fan de nije omjouingswet moat de gemeente ynsette op in sa grut mooglik gemeentlik foech, benammen op it mêd fan wolwêzen en sûnens. De omjouingswet jout dêr romte foar, dy't brûkt wurde moat.

Folkshúsfesting

Alle ynwenners hawwe rjocht op in geunstich wenklimaat. Dêrom is it fan belang dat de wentebou yn lykwicht bliuwt met it ferlet oan wenten. Útwreidingsplannen binne yn it foarste plak bedoeld foar en ôfstimd op it ferlet fan de ynwenners fan ús gemeente. It ferlet oan wenten moat alle jierren aktualisearre en yn it wenplan ferwurke wurde. Omdat it ferlet yn de tiid feroarje kin, moat der by nijbou safolle mooglik libbensrinbestindich boud wurde.

Der sil belied makke wurde moatte foar it feroarjende soarchferlet yn de mienskip, benammen troch it sluten fan âldereintehuzen, sawol op it mêd fan soarch as op it mêd fan it wenjen. Lytsskalige, desintrale alternativen om yn it soarchferlet op dat mêd te foarsjen, moatte troch de gemeente safolle mooglik fasilitearre wurde.

Wenteboukorporaasjes hawwe in grutte ferantwurdlikheid foar sosjale wentebou om't de fraach dêrnei de kommende jierren allinne mar tanimme sil. It gemeentebestjoer moat dêr tige wach foar wêze. Omdat de korporaasjes net mear yn de doarpen bouwe wolle, moat de gemeente partikulieren of groepen fan bewenners út de doarpen dy't yn en foar it doarp bouwe wolle, safolle mooglik stypje.

De ferhierdersheffing dy't de lanlike oerheid oan korporaasjes oplein hat, stiet ynvestearings troch wenningkorporaasjes foar in grut part yn 'e wei. Dat is tige spitich, want de FNP fynt dat der krekt mear hierwenten nedich binne, foar in brede doelgroep. Mocht de ferhierdersheffing fan 'e tafel helle wurde of ferlege wurde troch it Ryk - dy kâns is oanwêzich - dan meie de korporaasjes derop ferge wurde dat se mear ynvestearje yn harren wenningbestân.

De FNP is fan betinken dat by de sosjale wentebou de foarkar benammen jûn wurde moat oan wenten ûnder de hiertaslachgrins.

By wykfernijings moat neffens de FNP renovaasje de foarkar krije boppe sloop en nijbou. Der moat hoeden omgjen wurde mei de sosjaal-maatskiplike struktuer yn de wiken dy't opknapt wurde. Fanselsprekkend hearre bewenners in grutte ynspraak te hawwen by it renovearjen fan hierwenten en moat der besocht wurde om de mienskip yn de wiken safolle mooglik yn stân te hâlden.

Starterswenten moatte finansjeel berikber bliuwe foar dy groepen dêr't se foar ornearre binne.

De gemeente sil ek alle war dwaan moatte om it enerzjyneutraal meitsjen fan besteande wenten mooglik te meitsjen. Op it mêd fan de regeljouwing moatte der gjin apen en bearen op dat paad lizze of komme te lizzen. Dêr't dat mooglik is, stimulearret de gemeente it goed isolearjen fan wenten en dan benammen ek de eigen wenten.

De gemeente soarget foar in fysyk enerzjyloket dêr't ynwenners ûnôfhinklik en saakkundich advys krije kinne oer enerzjyfragen en hja paadwiis makke wurde yn it subsydzedoelhôf.

Ferkear en ferfier

Útgongspunt fan it ferkearsbelied yn Smellingerlân moat wêze dat de iepenbiere romte fan eltsenien is. De auto hat net automatysk it monopoolje, mar is min ofte mear ûnderhearrich oan de oare funksjes fan de iepenbiere romte, ôfhinklik fan it plak: yn wenwiken en op de grutte wegen.

Yn Drachten binne skoallen dêr't ek in protte bern fan bûten Drachten hinne geane. Dy moatte op in feilige manier op 'e fyts by skoalle komme kinne, safolle mooglik oer kwalitatyf goede fytspaden.

It ferbetterjen fan de oansluting op it lanlike iepenbiere ferfiernetwurk is foar de FNP wichtich. Alle doarpen yn Smellingerlân moatte berikber wêze troch in goede foarsjenning. De gemeente moat dêr hieltiten boppe-op sitte.

Yn it fan belang fan de ferkearsfeiligens moat der genôch kontrolearre wurde op snelheid, mar bygelyks ek op ferljochting. By de ferljochting fan wegen moat dy safolle mooglik ôfstimd wêze op de ferkearsyntinsiteit. As der gjin ferkear is, hoecht der ek gjin ferljochting te wêzen (de saneamde 'folgjende' ferljochting). As der ferljochting oanlein wurde moat, dan sil der keazen wurde moatte foar in sa enerzjysunich mooglike ferljochting, bygelyks mei LED-lampen. By it ferminderjen fan ferljochting moat der ek rekken holden wurde mei it feilichheidsgefoel fan de minsken.

De gemeente moat him ek taryede op de nije mobiliteit mei elektrysk ferfier. Der sille genôch oplaadpunten yn de gemeente komme moatte en de gemeente moat dat mei sa min mooglik regels fasilitearje.

De gemeente sil by it oanpakken fan de ynfrastuktuer út duorsumensperspektyf wei tinke moatte. By lytse ôfstannen moat de foarkar jûn wurde oan it fasilitearjen fan de fyts, dan kin it iepenbier ferfier befoardere wurde en dêrnei is der omtinken foar de auto.

Ek foar de doarpen moat it iepenbier ferfier goed te berikken wêze. Fan De Rottefalle ôf soe der in goede, rjochtstreekse fytsoansluting op it transfearium by Nijtap komme moatte.

Yn ús gemeente steane gjin ferkearsljochten mear, behalven op de krusing fan de Gauke Boelenstrjitte en de Suderhegewei. De FNP is fan betinken dat dy ljochten ek sa gau mooglik ferongen wurden moatte troch in feilich alternatyf sûnder ferkearsljochten.

Troch de útwreiding mei nije wiken oan de westkant fan Drachten is der in protte (slûp)ferkear troch Boarnburgum fan Drachten nei de A7. De FNP tinkt dat der sjoen wurde moat nei in oplossing foar dat probleem.

Kultuer

Smellingerlân - en dan benammen Drachten - hat op it mêd fan kultuer oan de iene kant in regiofunksje (tink bygelyks oan de Meldij/Lawei), mar oan de oare kant is ek de ûntjouwing fan de 'lytse' kultuer yn doarp en wyk fan belang. Yn it kultuerbelied soe mear omtinken komme moatte foar it twatalige fan ús mienskip en dus foar it Frysk; it soe dêr in yntegraal ûnderdiel fan útmeitsje moatte. By de fierdere útwurking fan it nije taalbelied sil de FNP him dêr sterk foar meitsje.

De gemeente moat besykje om in eventueel posityf effekt fan 'Ljouwert-Fryslân 2018 Kulturele Haadstêd' te behâlden en fierder te fersterkjen.

Der moat mear omtinken komme foar gebouwen út de opbouperioade fan nei de Twadde Wrâldoarloch. Ek gebouwen út eardere perioaden lykas it Dunlopgebou oan it Mûnein binne it bewarjen wurdich. Kulturele aktiviteiten lykas 'Simmerdeis' moatte fergees bliuwe.

Yn de prestaasjeôfspraken dy't de gemeente makket mei kulturele ynstellings, moat ek omtinken wêze foar it brûken fan it Frysk.

Sport

Sport is maatskiplik sjoen in wichtige saak. Oan de ien kant is der topsport, oan de oare kant de rekreaasjesport. De FNP is fan betinken dat yn Smellingerlân de klam lein wurde moat op de breedtesport: safolle mooglik minsken stimulearje om oan sport te dwaan, benammen ek de jongerein. De gemeente besiket ek om oare doelgroepen goed yn byld te krijen.

Tagelyk kin sport ek bydrage oan in sûnere mienskip. De gemeente moat yn nau kontakt mei alle sportferienings it ferlet en mooglikheden opinoar ôfstimme.

Minsken mei in leech ynkommen (oant 125% fan it sosjale minimum) moatte ek de mooglikheden hawwe om oan sportaktiviteiten dielnimme te kinnen.

Ûnderwiis

Smellingerlân en yn it bysûnder Drachten hat wat skoallen oanbelanget in grutte regiofunksje. De gebouwen fan it fuortset ûnderwiis binne ynoarder of komme meikoarten klear. Foar it basisûnderwiis falle der noch wol in stikmannich saken te winskjen op mêd fan hûsfêsting.

De FNP hat wol grutte soargen oer it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis. De gemeente soe aktyf de trijetalige skoallen (Frysk, Nederlânsk en Ingelsk) stimulearje moatte, sawol yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis en it middelber beropsûnderwiis.

Twatalige boartersplakken en berne-opfang moatte stimulearre wurde no't wittenskiplik ûndersyk hieltiten mar útwiist dat in twatalige opfieding fan jongs ôf positive gefolgen hat foar de (taal-)ûntwikkeling fan in bern. As der op boartesplakken toetsen of testen ôfnommen wurde, moat dat yn de memmetaal fan dy bern barre.

Bern moatte sa ticht mooglik by hûs nei skoalle kinne. Foar de doarpen betsjut soks, dat in libbensfetbere basisskoalle yn it doarp it útgongspunt yn it gemeentlik belied wêze moat.

Doarpen

Doarpen dêr't minsken warber wêze kinne en dêr't foarsjennings binne, binne ûnmisber foar in sûne gemeente en foar in goed wolwêzen fan syn ynwenners. Yn gearwurking mei de doarpen moat der sjoen wurde op hokfoar wize oft doarpen leefber bliuwe kinne.

Om de foarsjennings te behâlden, sil der stribbe wurde moatte nei in organyske groei fan de doarpen. Doarpen dy't troch it ynskeakeljen fan ferienings en fan 'Doarpsbelang' komme wolle ta in foarm fan selsbehear, moatte dy kâns krije. Selsbehear moat stimulearre, mar net fan boppen ôf oplein wurde.

De FNP soe by wize fan proef it doarpsselsbehear wol in kâns jaan wolle as dêr by de doarpen animo foar is. Doarpen hearre in goede oansluting op it iepenbier ferfier te hawwen. By plannen fan de gemeente moat de doarpsfyzje - as dy der is - it útgongspunt wêze.

No't wenningboukorporaasje net mear yn doarpen bouwe wolle, moatte der oare wegen socht en fûn wurde. As doarpen sels mei plannen komme foar de bou fan nije wenten, dan moat de gemeente dat safolle mooglik fasilitearje. Yn it wentebouplan sil dêr omtinken foar wêze moatte.

De FNP is fan betinken dat by it oanlizzen fan glêsfazel yn de saneamde 'wite' gebieten de doarpen tagelyk ek op glêsfazel oansletten wurde moatte. De gemeente moat him derfoar ynspanne dat soks ek dien wurdt.

It bûtengebied

It plattelân leveret in oantal saken dêr't de moderne minske eins net sûnder kin. As wichtichste fansels it iten, mar ek de mooglikheid om yn de bûtenloft te ûntspannen of te rekrearjen. Beide funksjes binne wichtich en hâlde yn, dat wy hoeden mei it bûtengebied omgean moatte.

Dêr't dat mooglik is, moat de gemeente him ynsette foar it fergrutsjen fan it bioferskaat (bgl. yn de berms fan diken, mar ek troch bewustwurdingskampanjes) en it behâld fan karakteristike lânskipseleminten.

Lânbou

Yn de dochts wol stêdlike mienskip dy't Nederlân oan it wurden is, giet it kontakt tusken de boarger en de produksje fan syn iten fierhinne ferlern. Sawol foar de mienskip as foar boerebedriuwen leveret dat kontakt lykwols mearwearde op. Dy mearwearde kin derfoar soargje dat dêrtroch it plattelân leefberder bliuwt. Wannear't boerebedriuwen leech komme te stean, dan is it fan belang dat yn dy pleatsen oare bedriuwichheid mooglik is - foar safier't dat past yn it lânskip.

De FNP stribbet in GMO-frije gemeente (GMO stiet foar Genetysk Modifisearre Organismen) nei, foarsafier't it de lânbou en dêrmei ús iten oanbelanget. Fan it GMO-frijwêzen giet in sinjaal út nei de hiele mienskip, dat meitsje kin dat it eventuele draachflak foar gentschprodukten ôfnimt.

Bio-yndustry (of fee-yndustry) past net yn it byld dat de FNP hat fan it lânskip fan Smellingerlân, likemin as megabedriuwen. De skaal fan bedriuwen moat passe yn it lânskip.

Dêr't dat mooglik is, soe de gemeente ek de boerebedriuwen stimulearje moatte om it bioferskaat te fergrutsjen.